

# PERSBERICHT

Nummer: 156 NB  
Datum: 12 oktober 2021

## Aan de slag met de zorgen van burgers en bollentelers over pesticidengebruik

**Het pas verschenen onderzoeksrapport “Verkenning mogelijkheden verduurzaming bloembollenteelt in Fryslân” richt zich op de zorgen van omwonenden van bollenpercelen over het pesticidengebruik, en tegelijkertijd op de uitdagingen waar de bollentelers voor staan. Het rapport noemt een aantal mogelijkheden voor verduurzaming van de bollenteelt. Dat is nodig om de kwaliteit van grond- en oppervlaktewater te verbeteren/ beschermen.**

### **Concrete maatregelen**

In de Friese Landbouwagonde, die in september door Provinciale Staten vastgesteld is, worden concrete maatregelen genoemd om een meer natuurinclusieve landbouw te realiseren. De maatregelen om het gebruik van pesticiden in Fryslân terug te dringen passen bij die ambitie en dragen bij aan de Friese brede welvaart..

Gedeputeerde Douwe Hoogland: “Er wordt vanuit de Mienskip en politiek kritisch naar pesticidengebruik gekeken. Ik begriip de zorgen. Dit blijkt ook uit het initiatiefvoorstel vanuit Provinciale Staten over de afbouw van pesticidengebruik. Ik ben daarom blij met deze handvatten uit het rapport. Dit rapport kan worden betrokken bij de behandeling van het initiatiefvoorstel vanuit de Staten.”

### **Dialogo in de samenleving moet voor wederzijds begrip zorgen**

Vanwege de verschillende belangen van bloembollentelers, burgers en overheden is het van belang dat er een goed gesprek gevoerd wordt tussen deze groepen. De lokale bollentelers kennen de vragen en zorgen in de samenleving. Zij voldoen aan de wettelijke eisen en werken graag mee, maar worden tegelijkertijd door bezorgde burgers aangesproken op hun bedrijfsvoering. Daarnaast geven ze aan dat aanvullende verplichte maatregelen het voortbestaan van hun bedrijf kunnen bedreigen. De Provincie Fryslân heeft het initiatief genomen om een onderzoeker van het Nordwin College te vragen met alle betrokken partijen afzonderlijk in gesprek te gaan om te zoeken naar oplossingen. Het doel was met een aantal aanbevelingen te komen waar zowel omwonenden, bollentelers en de gemeenten Ooststellingwerf, Weststellingwerf en De Fryske Marren en Wetterskip Fryslân mee uit de voeten zouden kunnen. De gedane aanbevelingen benadrukken onder andere het stimuleren van goede voorbeelden, het faciliteren van goede communicatie tussen de belanghebbenden, het creëren van een goede en op feiten gebaseerde informatievoorziening en het scheppen van duidelijkheid voor de bollentelers m.b.t. toekomstige investeringen. Daarnaast wordt het belang van onderzoek en kennisontwikkeling voor verdere verduurzaming onderstreept. Tenslotte kan er geleerd worden van de pilot ‘duurzame bollenteelt’ in de gemeente Westerveld in het naburige Drenthe.

Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl) / Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl)

De provincie Fryslân streeft ernaar de aanbevelingen uit het rapport te concretiseren in een project. Mogelijk zou e.e.a. kunnen samengaan met het recente initiatiefvoorstel 'Naar een schone en gezonde leefomgeving: afbouw gebruik pesticiden in Fryslân 2021-2030' vanuit Provinciale Staten, wanneer dat aan de orde is. Er moet nog worden gezocht naar financiële middelen.

Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl) / Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl)

# PARSEBERJOCHT

Nûmer: 156 NB  
Datum: 12 oktober 2021

## Oan 'e slach mei de soargen fan boargers en bollekwekers oer it brûken fan pestisiden

It krekt ferskynde ûndersyksrapport 'Verkenning mooglikheden verduurzaming bloembollenteelt in Fryslân' rjochtet him op de soargen fan omwenners fan bolleperselen oer it brûken fan pestisiden, en tagelyk op de útdagings dêr't bollekwekers foar steane. It rapport neamt in tal mooglikheden foar it duorsumer meitsjen fan de bolletylt. Dat is nedich om de kwaliteit fan grûn- en oerflaktewetter te ferbetterjen/beskermjen.

### Konkrete maatregels

Yn de Fryske Lânbou-aginda, dy't yn septimber troch Provinsjale Steaten fêststeld is, wurde konkrete maatregels neamd om in mear natuerynklusive lânbou te realisearjen. De maatregels om it brûken fan pestisiden yn Fryslân tebek te kringen passe by dy ambysje en drage by oan de Fryske brede wolfeart.

Deputearre Hoogland: "Ut de Mienskip en de polityk wei wurdt der kritysk nei it brûken fan pestisiden sjoen. Ik begryp de soargen. Dat docht ek bliken út it inisjatyfútstel út Provinsjale Steaten oer it ôfbouwen fan it brûken fan pestisiden. Ik bin dêrom bliid mei de hânfetten út it rapport. Dit rapport kin by de behandeling fan it inisjatyfútstel fan de Steaten behelle wurde."

### Dialooch yn de mienskip moat foar begryp fan wjerskanten soargje

Fanwegen de ûnderskate belangen fan blombollekwekers, boargers en oerheden is it fan belang dat der in goed petear tusken dy groepen fierd wurdt. De lokale bollekwekers kenne de fragen en soargen yn de mienskip. Sy foldogge oan de wetlike easken en wurkje graach mei, mar wurde tagelyk troch besoarge boargers oansprutsen op harren bedriuwsfiering. Dêrnjonken jouwe sy oan dat oanfoljende ferplichte maatregels it fuortbestean fan harren bedriuw bedriigje kin. De provinsje Fryslân hat it inisjatyf nommen om in ûndersiker fan it Nordwin College te freegjen mei alle oanbelangjende partijen apart yn petear te gean om nei oplossings te sykjen. It doel wie mei in tal oanrekommandaasjes te kommen, dêr't omwenners, bollekwekers en de gemeenten Eaststellingwerf, Weststellingwerf en De Fryske Marren en Wetterskip Fryslân mei út 'e fuotten kinne soene. De oanrekommandaasjes dy't dien binne wize mei klam op ûnder oare it stimulearjen fan goede foarbylden, it fasilitearjen fan goede kommunikaasje tusken de belanghawwenden, it kreëarjen fan in goede en op feiten basearre ynformaasjeoarsjenning en it jaan fan dúdlikens foar de bollekwekers

Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl) / Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl)

oangeande takomstige ynvestearrings. Dêrnjonken wurdt it belang fan ûndersyk en kennisûntwikkeling foar it fierder duorsumer meitsjen ûnderstreke. Ta beslút kin der leard wurde fan de pilot 'duurzame bollenteelt in de gemeente Westerveld' yn 'e provinsje Drinte.

De provinsje Fryslân stribbet dernei de oanrekommandaasjes út it rapport konkreet te meitsjen yn in projekt. Mooglik soe ien en oar mei it resinte inisjatyfútstel 'Naar een schone en gezonde leefomgeving: afbouw gebruik pesticiden in Fryslân 2021-2030' fan Provinsjale Steaten lykop gean kinne as dat oan 'e oarder is. Der moat noch nei finansjele middels socht wurde.